

septimber 2019

# de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 64 nr. 4

## WAT SIT DER YN DE KOER?

### Programma winterskoft 2019-2020

Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 5 okt. 2019	Utert -B	Joke Zandstra mei “Oare Jo”. In ferhaal en film oer de Twadde Wrâld-oarloch. Sjoch de middenside.
Sneon 9 nov. 2019	Seist-N	Toaniel mei “Fjoer”
Sneon 14 de. 2019	Utert-B	Krystmiddei (mei muzyk)
Sneon 11 jan. 2020	Utert-B	Nijjiersbesite (mei waarm iten)
Sneon 15febr. 2020	Seist-N	Middei oer Sint Piter
Sneon 14 mrt. 2020	Seist-N	Kabaret “Hy en Sy”

\*Utert-B = Bijniershoek, Utrecht

Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

### Boun om Utens :

\* Moetings-en Ynspiraasjemiddei yn Hurderwyk ( ynformaasje in dizze koer)

\* webstek fan it Boun:[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

### Ferfier nei de kritermiddei of jûn

Wa’t swierrichheden hat om te kommen, moat dat efkes witte litte oan Trieneke Vos tel. 030 - 6916081. At de telefoan net opnaam wurdt, dan net dellizze mar it boadskip ynsprekke. Wy sykje dan in oplossing.

### Ledenijs

- Op 7 july 2019 is ferstoarn Jimco Zijlstra út Houten. De âld-foarsitter fan krite ‘Fryslân’ is 85 jier wurden. It bestjoer wie fertsjintwurdige by it ôfskie fan Zijlstra
- In nij lid foar de nije krite: Nynke van Amerongen, Schippersdreef 41, 3972 VB Driebergen–Rijssenburg. Wolkom by de krite.



## Fan de foarsitter

Dit is dan it earste stikje yn de fernijde Kritekoer. Ek fan de nije Krite: Mei inoar ien. It sil foar alle kriteleden efkes wenne wêze, der feroaret wol wat. Mar ik tink, dat wy mei mei-inoar de goeie kar makke hawwe. De tiid sil it leare.

Foar it nije Kritejier hawwe wy al wer drok dwaande west mei it nije programma. Fierderop kinne jo sjen wat en wêr!

No 't ik dit oan it skriuwen bin, liket it wol, as is it hjerst. Wy hawwe sa'n moaie simmer efter ús lizzen, dat men gewoan ferjit, dat it ek oars wurde kin.

Justerjûn (3/9) hawwe wy foar de earste kear in bestjoersgearkomste holden mei de '2' bestjoeren, dy 't no ien bestjoer wurden binne. De sealen en de ynfolling fan de jûnen binne klear. No ferwachtsje wy jimme foar de 1e kear op 5 oktober yn de Bijndershoek te Utert. Joke Zandstra komt dan mei in fideo en se fertelt oer de Twadde Wrâldkriich. Dit is in middeisprogramma en wy begjinne om 14 oere.

Foar de measten sit de fakânsje der wer op. Myn bernsbarn binne wer nei skoalle en oan de stúdzje. Se moatte allegearre wer wenne! Ofrûne wykein (31/8-1/9) hiene wy in Kaastra-reuny yn Seisbierrum, dêr 't wy yn it ferline wenne hawwe. Wy en noch oare famylje stiene op in natuercamping yn Slappeterp. Och sa aardich om te sjen hoe de bern mei-inoar om gongen. It mingt him samar en de lytsere bern en de gruttere lûke aardich meielkoar op. Wy hawwe in puzelrit makke, sawol foar kuiers as foar de auto. Sadwaande kamen wy ek yn Vrouwbuurt, dêr 't ús mem berne is. Har heit hat der dûmny west, dat wisten wy wol. Mar net, dat hy dêr fan 1904-1920 stien hat. Wy koene nammentlik yn de tsjerken, want it wie 'Open Kerk'. Ek yn Seisbierrum wie de tsjerke iepen. Ik ha der sels noch wol ris west, mar myn bern bygelyks net, dus dat wie foar harren ek moai. Yn Ljouwert wiene ek genôch bekende plakken, want dêr is ús heit hikke en tein. Sadwaande kamen wy der ek graach útfanhûs yn de fakânsjes. Al mei al wie it in gesellich wykein om de grutte fakânsje mei ôf te sluten!

Foar no winskje ik jimme it alderbêste ta en hoopje jim op 5 oktober wer te sjen.

Pietie Westdijk-Kaastra.



## Krite MEI INOAR IEN

It bestjoer noaget jimme út foar ...

# 'OARE JO'

troch

## Joke Zandstra

Frou Zandstra komt út Bitgummole en makket sels films.

“Oare Jo” giet oer de Twadde Wrâldoarloch. Doe hat Bitgummole it swier te ferduorjen hân.

Oer dit oangripend ferhaal fertelt frou Zandstra en fertoant in film (sa'n 3 kertier).

**Datum:** SNEON 5 oktober 2019

**Lokaasje:** Woonzorgcentrum De Bijnkershoeck,  
Van Bijnkershoecklaan 250, Utrecht

**Hoe let:** 14.00 oere

**Ynlis:** € 5,00 ynklusyf kofje/tee



## Ferfier nei dizze kritermiddei

Wa't swierrichheden hat om te kommen, moat dat efkes witte litte oan Trieneke Vos, til. 030 – 6916 081. At de telefoan net opnaam wurdt, dan net dellizze, mar it boadskip ynsprekke. Wy sykje dan in oplossing.



## Plattegrûn De Bijkershoek

**Auto:** A2, afrit 8 (Centrum) via M.L.Kinglaan of:  
A12, afrit 8 (Kanaleneiland) via Europalaan

**Bus:** lijn 102, halte Koningin Wilhelminalaan + 7 min. lopen

**Tram:** 24 Oktoberplein-Zuid + 7 min. lopen



## Moetings-en Ynspiraasjemiddei op sneon 16 novimber 2019

It Boun om Utens organisearret alle jierren in Moetings- en ynspiraasjemiddei. Fan 't jier is dat op sneon 16 novimber 2019.

Lokaasje: Multifunksjoneel sintrum 'De Kiekmuere',  
Tesselschade 1, Hurderwyk.

Tiid: De ynrin is fanôf 12:30 oere.

It programma:

**“Op nei 2023 – en dêrnei: de 100 jier foarby !”**



Ynlieder **Klaas Sietse Spoelstra**. Hy wol mei ús meitinke oer hoe't wy as FBoU nije oanwaaks fine kinne – entûsjast meitsje/wurde fan lju, dy't fryske woartels en noch altyd in frysk hert hawwe. Spoelstra hat tasein dizze middei syn meiwurking te jaan ûnder betingst dat de dielnimmers elk in net-lid meinimme!



**“LF2018 en fierder .....**



**Ynlieder Lieuwe Krol**

Krol is haad Marketing en Kommúnikaasje foar LF2018 en kertiermakker foar de Legacy LF2028. Hy sil in ynlieding hâlde oer LF2018/2028. Wat wiene de plannen eartiids, hoe binne de plannen útpakt, wat is der fan leard en wat giet de takomst bringen (2028) op it mêd fan de kultuer, kosten, planning en opbringsten.

**Om 17.00 oere slute wy ôf.**

De jûns binne jimme fanôf 19:00 oere wolkom by de krite Hurderwyk – ek yn De Kiekemure.

It toanielselskip “Fleurich fierder” fan Jobbegea bringt it stik ‘It deiboek fan Tinus Teckel’.

Bounsleden, kriteleden en net-leden:

**graach opjaan foar 26 oktober 2019**

by de skriuwer fan it Boun : Kees van der Beek,  
e-mail: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslân.nl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslân.nl)

**BESTJOER & MEIWURKERS**

*Foarsitter:* *Pietie Westdijk-Kaasta*  
Het Spoor 20, 3994 AK Houten  
til. (030) 2318 224, mail: pcwestdijk@planet.nl

*Skriuwer & redaksje Kritekoer:*  
*Jan Piet Bergmans*  
Langeweg 75, 4133 AT Vianen  
til. (0347) 320 093, mail: j.p.bergmans@casema.nl

*Ponghâlder & lede-administraasje:*  
*Jan Roelants*  
Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht  
til. (030) 2010 118, mail: jhw.roelants@online.nl

*Bestjoerslid:* *Harke Hofman*  
Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen  
til. (0347) 377 703, mail: harkemarga@gmail.com

*Bestjoerslid & 2<sup>e</sup> skriuwer:*  
*Gerrita Otten-Onrust*  
Geertgen tot St. Janslaan 7, 3723 CJ Bilthoven  
til. (030) 2625 897, mail: g.onrust1@gmail.com

*Bestjoerslid:* *Nieske Schurer*  
Saturnuslaan 6, 3721 SG Bilthoven  
til. (030) 2251 447, mail: nschurer@casema.nl

*Bestjoerslid:* *Trieneke Vos*  
W. Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist  
til. (030) 6916 081, mail: tvos51@kpnmail.nl

*Aldereinsaken Utert:* *Frou J. Wielinga*  
Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht  
til. (030) 2617 816

*Sosjale kommisje Seist:* *Trieneke Vos (sjoch hjirboppe) &*  
*Boukje Andringa-Brattinga*  
Maartensplein 65, 3738 GN Maartensdijk  
til. (0346) 216 240, mail: boukjeandringa@kpnmail.nl

*Ferstjoeren Kritekoer:* *Pietie Westdijk en Harke Hofman*

**Bank: Mein Inoar Ien:** NL05 INGB 00 00 194027 o.n.f. Selskip Fryslân